



# Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

## Tusken hoop en need: it provinsjale taalbelied

Hemminga, P.

### **published in**

De Moanne: algemien-kultureel opinyblêd  
2007

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

### **citation for published version (APA)**

Hemminga, P. (2007). Tusken hoop en need: it provinsjale taalbelied. *De Moanne: algemien-kultureel opinyblêd*, 6(4), 8-9.

### **General rights**

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

### **Take down policy**

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

### **E-mail address:**

[pure@knaw.nl](mailto:pure@knaw.nl)

# Tusken hoop en noed: it provinsjale taalbelied

‘Er is veel dat mensen hoop geeft, maar ook het nodige dat hen zorgelijk stemt of dat zij als een bedreiging ervaren’ sa falt te lêzen op side fjouwer fan it koalysje-akkoart dêr’t it kabinet-Balkenende IV op boud is. Sok kristlik-sosjalistysk sizzen wol der by my op in storeinige sneintemiddei wol yn. Soks komt grif mei om’t de sin krekt wat mear, mooglik fan God jûne, hoop suggereart, as de ek altiten oanwêzige noed en soarch. En dat jout moed, want sels ha’k wolris lêst fan krekt wat te min hoop en justjes te folle soarch en noed. Dat jildt ek as it om it provinsjale taalbelied giet.

Twaris hat earst ferantwurdlik deputearre Bertus Mulder de ôfrûne jierren in nota oer it Fryske taalbelied útbrocht. Yn 2003 de nota taalbelied 2003-2007 en ferline jier dy foar de jierren 2007-2010: ‘Frysk yn Fryslân, better sichtber, mear fertroud’. Yn de ynliding op dy lêste nota sprekt it kolleezje fan Deputearre Steaten de lêzer direkt ta: ‘Wy hoopje dat ús earste ideeën jo ynspiraasje jouwe foar jo eigen krewearjen foar it Frysk en entûsjast meitsje sille om sels ek kreatyf en net hoeden mei it Frysk om te gean. Lit mar blike dat jo grutsk binne op jo eigen memmetaal.’ Sok skriuwen ropt allerhanne fragen op. De earste is dy foar wa’t de nota feitlik ornearre is. Yn alle gefallen grif net foar de provinsjale politika dy’t okkerdeis yn de krante sei ‘smoorverliefd’ op Fryslân te wêzen: ‘Ik hâld oergrysliek fan Fryslân’. Dy is al bekeard, no al dy oaren noch. Wat moat men as net-Frysktalich ynwenner fan Fryslân mei sa’n eigenaardich provinsjaal foarwurd? As elk aanst wakker grutsk op de eigen memmetaal is, dan kin dat noch wat wurde. De ynliding is mei ûnderskreaun troch de net-Frysktalige leden fan it Fryske kolleezje fan deputeraren. Dochs hat de oprop om wakker grutsk op de eigen memmetaal te wêzen út de mûlen fan Baas of Nijpels wat in oare betsjutting, as dy út de mûlen fan Andriessen of Mulder. Yn hokfoar posysje bringt sok sizzen de foarsitter fan it kolleezje fan deputeraren? Nijpels liet ferline jier yn it *glossy* tydskrift ‘the ART OF LIVING’ trouwens noch witte in aardich wurdje Frysk te kinnen. Sa’t it Brabânske magazine notearde: ‘Hij draait zijn hand niet om voor een officiële speech in de Friese landstaal’. Dat woe ’k mar even sizze.

Dat taalbelied dreech út te fieren is, komt ûnder mear nei foaren yn de taheakke by de resinte taalnota, dy’t werom sjocht op de resultaten fan de ôfrûne jierren. Dy resultaten binne wol in bytsje earmoedich. Bertus Mulder sil dêr grif in oare yndruk fan oerholden hawwe, mar sa’t er sels skreau, dat is dan mar sa. De iennige foarútgong yn trije jier op gemeentlik mêd is it feit dat trije gemeenten in taaloardering fêststeld hawwe. Dat bringt fansels net in soad seadden oan de dyk. It útbringen fan in nije brosjuere, it útrikken fan it webstekje of it oanbieden fan in foarstelling ‘Fries yn Boarger’ feroaret dêr hielendal neat oan. Op it mêd fan de soarch is de rispinge suver noch meagerder. It hâlden fan twa stúdzjedagen, it meitsjen fan in dvd en struifolder of geregeldwei oerlis tusken soarchynstellingen en de projektkoördinator stipet de hope op better dagen net. It (foarskoalsk) ûnderwiis is it tredde mêd dêr’t it Frysk fersterke wurde soe. En dêr is yndied foarútgong boekt. Dat jildt benammen foar it tal Frysk- en twatalige bernsintra dat moai yn de rjochting fan de fyftich giet. Ek it tal taalkoördinatoaren yn it basisûnderwiis is moai tanommen, wylst ûnderwiismateriaal en metoaden Frysk realiseard binne en de proef mei de trijetalige skoalle ôfrûne is. Yn it fuortset ûnderwiis sjocht it der mei it Frysk lykwols hiel wat minder út. Sels it oantal fan hûndert learlingen dy’t neffens de provinsjale nota alle jierren it eineksamen Frysk dogge, is yn de werklikheid aardich wat minder. It ferline jier útkommen rapport fan de ûnderwiisynspeksje jout jin, wat it fuortset ûnderwiis oanbelanget, net folle hope as it om it Frysk giet.



De nijste provinsjale taalnota formulearret tal fan doelen foar de kommende fjouwer jier. En dat net allinne yn moaie omskriuwings, mar, nei't de Ried fan Europa om doelen mei sifers plus in helder tiidspaad frege hat, ek yn hurde sifers. Wêr't dy sifers krekt weikomme bliuwt yn guon gefallen tsjuster. Sa wurdt bygelyks sein dat Fryslân mei help fan it kultuertoerisme, dêr't it Frysk as drager fan kultuer en identiteit in foarname rol yn spylje moat, yn 2010 yn de top fiif fan toeristyske bestimmings stean moat. Hoe 't soks krekt mei it Frysk sil en komt is wat ûndúdlik. Der wurdt likemin oanjûn wat it hjoeddeiske plak fan Fryslân op de list mei toeristyske bestimmings is. Dat it is net dúdlik wat Paul van Gessel en syn hantlangers prestearre sille. Om hokfoar top fiif giet it krekt? It CBS ken ûnder mear in top fiif fan gebieten dêr't bûtenlânske toeristen it faakst oernachtsje. En der is ek in top fiif fan populêre Nederlânske fakânsjebestimmings ûnder Nederlanners en in top fiif fan de meast besochte Nederlânske toeristyske attraksjes. Mooglik sil Fryslân yn al dy top fiven ferskine, men wit it net. Likemin as dat men wit wat al dy drokte krekt foar it Frysk betsjutte sil. De ambysje fan dyselde Van Gessel, direkteur fan it troch de provinsje betelle Fryslân Marketing, wie foar trije jier noch om it Fryske toerisme yn fiif jier mei fyftjin persint groei te litten, sadat it om in top trije-posysje yn Nederlân gean soe. Kassa! Dêr wie doe gjin wurd Frysk by.

Suver noch nijsgjirriger is it doel dat it provinsjaal bewâld him stelt op it gebiet fan soarch en wolwêzen. Yn 2010, en dat is it meikoarten, meitsje op syn minst 'de helte fan de oankommende âlden yn in mingdlich houlik [...] op grûn fan foldwaande foarljochting en korrekte ynformaasje oer de foardielen fan twataligens in bewuste taalkar by it grutbringen fan har bern.' Dat sa'n doel kwantifisearre wurdt is bêst, mar hoe sil dat straks metten wurde? Wat hâldt trouwens foldwaande foarljochting

en in bewuste taalkar yn? Hoe sit dat winliken mei al dy mislearjende foarljochtingskampanjes? En wat bart der mei dy oankommende, en ik soe sizze ek feitlike âlden, dy't har neat oanlûke fan alle provinsjale bemuoisucht mei har persoanlike libbenssfear? Wat bart der mei âlden dy't, mingdlich troud, dat wol, mar har fierders neat gelegen lizze litte oan taal en pedagogyk? Dy't natuer en kultuer har gong gean litte? Hawar, ik sil it provinsjale foarnimmen net oan Klaartje Peters, de skriuwster fan 'Het opgeblazen bestuur. Een kritische kijk op de provincie' trochdwaan.

Ik wol noch in oar foarbyld jaan fan it provinsjaal kreatyf en net al te hoeden formulearjen fan in konkreet doel. Yn 2009 hawwe de ûnderskate troch de provinsje subsidiearre kultuer- en taalynstânsjes in plan klear om it Frysk in moderne útstrieling te jaan, sa seit de provinsjale nota. Yn itselde haadstik wurdt dan ek noch sein dat yn 2010 de helte fan de ynwenners fan Fryslân oanjout dat it Frysk in eigentiidske en moderne útstrieling hat. Dat lêste makket yn alle gefallen dúdlik wat de hoop fan de provinsjale beliedsmakkers is. Wat is it lykwols foar folsleine ûnsin om te mienen dat de Friezen wat oer de útstrieling fan it Frysk sizze moatte en dat de helte dan ek noch posityf wêze moat? Wêr hawwe dyselde beliedsmakkers it winliken oer as it om in eigentiidske en moderne útstrieling giet? De grize rint my oer de grouwe, mar dêr sil wol gjin rekken mei holden wurde. Dat hiele wurd útstrieling doocht yn dizzen foar gjin meter. En it mjitte wollen fan de útstrieling fan in taal doocht likemin. Mooglik is it prestearen fan de kommersjele omrop mei syn listjes fan balskoppersfroulju mei de measte útstrieling it foarbyld foar it provinsjale tinken. En, hoewol't sels ik begryp dat alles, mar dan ek werklik alles, it Frysk ynbegrepen, *cool* en *sexy* wêze moat, raast it provinsjale foarnimmen werklik oan de protters. It giet om in dearinnend paad. Dat wat it Ingelsk de lêste fyftich jier foar in grut part oanwaaid is, kin en moat net keunstmjittich fan it Frysk makke en easke wurde. Akkeba!

Foar it fieren fan taalbelied liket it my hurd nedich dat it provinsjaal bestjoer, de Fryske gemeenten, it ûnderwiis en ynstânsjes lykas bygelyks de Keamer fan Keaphannel, op dat mêd justjes mear en mei-elkoar prestearre as oant no ta it gefal west hat. De yn 1985 provinsjaal fêstleine útgongspunten foar it Fryske taalbelied, lykweardigens en lykberjochting jilde noch altiten, mar de provinsje stelt net fêst dat dy twa útgongspunten hiel wat mear ynset fergje as in foarljochtingskampanje, stúdzjedei of jierliks projektbudget fan fyftjintûzen euro foar it ûntwikkeljen fan projekten op it mêd fan Frysk yn de soarch. En dan ek noch mei it betingst dat in oar foar de helte meibetellet. De rol fan Omrop Fryslân moat, sa lit de provinsje fierder witte, folle grutter wurde as it giet om it fertroud meitsjen fan it Frysk en better as it om de taalûntjouwing giet. Dat is och sa moai sein, mar sûnder hannen en fuotten te neamen bliuwt soks frijwat dizenich. En dat de provinsjale taalnota neat seit oer de kwaliteit fan it hjoeddeiske Frysk is dochs op syn minst nuodlik. Wat bin ik bliid dat der sa'n soad is dat minsken hoop jout. Tank oan Balkenende IV!